



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LX nûmer 3

septimber 2011

ISSN 0166-6029

De stilte

út Jan Dotinga, Lytse ivichheid(omstavere)

*Blauwaarm hong de middei
oer it hiem;
ûnder it mes fan de stilte
waarden bousel en beam
yn oarder brocht.
Op it wite flak fan de kolk
Stiest as inkelde hichte,
as in reiddomp yn it leechlân
fan de snijer.
Om dy hinne
Krigen de dingen siken;
De skuorre lake út in grut grien each en
de bûthúsfinsters keatsten elkoarren
wurden ta.
It wetter droech de stilte
- wylst it beskieden op antwurd wachte -
as in ûnbegrepen fraach;
oan 'e kant hong it stalt, in ûnnut
dier op te hege poaten.
Wurge beammen rjochten har stal;
jonge tûken loeken har
oan it ljocht omheech.
Skerpe fûgels kurven de stilte, wilens
de gjalpen sêft op it hiem rûgelen.*

Samplers: foar kopij op papier, Piter Dykstra, Wykwei 4 8434 PG Waskemar; digitale kopij, abma.g@wanadoo.nl Fêste meiwurkers Bertus Postma en Rommert Tsjeardsma. Opmeitsjen en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Einredaksje, dr. G. Abma, abma.g@wanadoo.nl, Plantage Doklaan 13, 1018 CM Amsterdam. Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. Lyts Frisia €10.00, inkeld LF €7.50. Giro 1069535 op namme fan Skathâlder Jongfryske Mienskip, Tj.H.Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum.

By it opmeitsjen fan it foarige nûmer is it einredaksjoneel suver weifallen en kaam it fers wat yn 'e loft te hingjen. It muoit ús. Dêrom it fers nochris mei no it hiele einredaksjoneel.

In fers fan dichter Jan Dotinga, fyn beslipe stilte, waarmte, rêst, 'yn oarder brocht'. De dichter seit it net, mar it moat wol in sneinse middei wêze, bedobbe en bewuolle yn de skierige loft fan de heechsimmer yn it neigean. Of wize it 'mês fan de stilte', it yn oarder brocht fan bousel en beam, de mannichte fan i-lûden krekt op 'e skerpte fan de iere simmer mei fûle sinne yn de heldere loft? De do fan it fers (de dichter sels?) stiet as 'inkelde hichte', as in reiddomp yn it leechlân fan de snijer. It skerp ôftekene skaad.

'De dingen krigen siken'. Om watfoar dingen giet it? De skuorre, de bûthúsfinsters in boerehiem, fansels in boerehiem. It wetter swijt, sa't it wetter altyd swijt en sa't men hopet dat it noait prate sil. Oan 'e kant hong it stalt, it stiet op 'te hege poaten'(peallen) yn it wetter op. Mei wetterlieding, hygiêne, kranen hat it syn tiid hân, is ûnnut en foarby mar foar dy't it meimakke hat, dêrom hjir in ekstra dierber wurd. 'Skerpe fûgels' (boereswellen mei har behindige stal en yn 'e flecht sa streekrjocht?) kurven de stilte en de gjalpen rûgelen sêft op it hiem. It hele fers stiet yn de doetiid en de bondel hjit 'Lytse ivichheid'. Ivichheid duorret in tel mar bliuwt altyd. Wol de dichter dizze ivichheid út beskiedenheid net en dêrom in lytsenien én de doetiid?

Diz' kear in fers fan Jan Dotinga omt er fan 't maitiid mei in nij bondeltsje kaam, t.w. W.A.P. Smit, Moeting mei de dea, hûndert kwatrinen, fan Jan Dotinga oerset. De dichter, om 1960 hinne in rillik bekend Nearlandikus yn Utert, ferstoar juny 1986. Syn earste bondel ferskynde yn 1927, dêrnei in manich yn 'e oarlochsjierrren. Yn 1984 begûn er troch leed en lijen fan sykte wêr. De lêste jierren wiene net maklik, de fersen lizze dêr tsjûgenis fan ôf. Se be-name hope en betrouwen mar ek bangens en pine, it lêste it meast. (hjoed minder tichtby)

*Ik fiel de dea hjoed samar folle fierder
Der is wer eat fan fearkrêft yn myn trêd
Ik bin in skiep weidoarmjend fan syn hoeder,
Mar op troch him begrinzge grûn útset.*


Fierder yn dit nûmer, útsein de wenstige rubriken fan fêste meiwurkers, gjin snipers, mar in yn memoariam fan Geale de Vries, fêste besiker fan de folkshegeskoalle op Skylge en yn in lange rige fan jierren striidber en strider foar it Frysk. Us tadien troch Sytze Hiemstra.

Wize wy noch op de Warnsbetinking, nèt sa't troch 'grapmakers' no op it boerd oankundige stiet op 4 mar op 24 septimber.

de einredaksje

'Bericht aan de reizigers'

(by it ôfskie fan Geale de Vries, 1 febrewaris 2011)



*Bestijg den trein nooit zonder uw valies met droomen
Dan vindt ge in elke stad behoorlijk onderkoomen.¹*

Dy rigels fan Jan van Nijlen fan om 1930 hinne seure my hieltyd yn de holle om as ik oan Geale tink; wêrom is dat sa? Ik tink dat ik it wit en ik sil jimme meinimme op reis om út te finen wat dy dreamen yn dy tas betsjutte en wêr't se weikomme. Earst fine wy ûnderkommen by de dichter Bloem:

*Denkend aan de dood kan ik niet slapen,
En niet slapend denk ik aan de dood,
En het leven vliedt gelijk het vlood,
En elk zijn is tot niet zijn geschapen.²*

Wêr tocht er oan yn dy lêste dagen en nachten dat er net sliepe koe en ûnrêstich wie. Dy dagen dat de sinne al heger kaam, dat er noch út de wyn yn de sinne sitte koe en in slachje om it Hôf dwaan koe?

Yn alle gefallen hat er oan dit momint tocht, omdat er woe dat Romkje en ik hjir it wurd dwaan soene. It is my in eare! Us wegen kruse inoar al hast 55 jier: fan learling waard ik kollega, yn Almelo oan deselde skoalle, en fan kollega waard ik syn opfolger by de organisaasje fan de Foardrachtkriich en sa bruts by dy kriich nei it tiidrek 'Geale en Tsjerkje' it tiidrek 'Tsjerk en Annegien' oan en waarden wy freonen en draaide ik lampen yn en kochten wy tegearre in CD-spiler ('In plaat klinkt dochs better!').

Nea wie it praat om praat; altyd jilden dy wurden fan Obe Postma:

*Mar myn ferlangst is mear: ik moat de sielen sjen
De rin fan 't libben en fan minsken al 't bestean.
O, 't folts yn my te witten, dy it kin en draach!
En sûnder print fan died net út it wurk te gean!³*

¹Jan van Nijlen, Verzamelde Gedichten, 1948, s. 139. *Berichten aan de reizigers*, 1^e distichon.

²J. C. Bloem, Verzamelde Gedichten, 1953, s. 147. *Insomnia*, 1^e strofe.

³Obe Postma, Samle Fersen, 2005, s. 31. *Hjerst*, lêste strofe.

Hy giet mei in boek op de foarste bank sitten, lûkt de boksen fan de stúsjekoarden broek kreas in stikje omheech oer de knibbels, wy sjogge syn bleate fuotten en hy sjocht fersteurd nei in letkommer of nei in stel fammen dy't it lêste fammenijs noch efkes útwikselje moatte, en begjint te lêzen; sonoar klinkt it troch it lokaal fan de rykskweek oan de Toerstrjitte:

*Verstoot mij naar de lage, zwarte keuken:
Onder de zware balken molm en roet
Ete ik uit vaatwerk, bros van bruine breuken,
De simpele spijs, die vermoeiden voedt.*⁴

En foar altyd wisten wy wat alliteraasje is en wikselrym, fan jambe en trochee mei tank oan Geale en Bloem.

Wat er *die*, wie de siele sykje, dy oansprekke op dyn bêste eigenskippen, dyn gefoel foar taal en ritme en klank; it wie net weardefrij of omdat it moast fan in direkteur of minister. 'Ik moet de sielen sjen' en hy woe 'in print' efterlitte sa't er sels beprinte wie mei it wurd fan de dichter fan taal en muzyk, sa't wy ek, alteast *guon* fan ús, beprinte wurde *woene* en beprinte *hawwe*, hoopje wy. It printsjen sloech net by elkenien oan, foel wolris op toarre grûn en dêr koe er mar min oer: 'Hoe kin ien no net ûntfanklik wêze foar sokke moaie dingen?! En dat wol no skoalmaster wurde!'

Mei de akademisearring waard it der net better op: de kweekskoalle waard yn 1968 pedagogyske akademy, it hier fan de jonges waard *langer*, de rokjes fan de famkes en de boekelisten foar it eksamen waarden *koarter*. By it 50-jierrich jubileum fan de Drachtster kweek stiene der in moadeshow en in follybaltoernoai op it programma: wêr moast Geale mei syn 'valies met dromen' hinne. Wa woe noch mei him meireizgje 'langs gewone bomen naar het hart van Rome'?

Wa woe noch mei nei it Aurichse 'Haus der Jugend' om mei Bruns en Diekhoff en de nei-oarlochske Dútske jongerein te stribjen nei 'De Nieuwe Koers' of wa woe noch nei Stania State om de takomstige masters en juffen yn de kunde te bringen mei de Fryske skiednis, kultuer, natuer en ekonomy? De wurkwiken dy't safolle bydroegen hiene ta de foarming fan generaasjes ûnderwiislju gynge ûnder yn bier en desynteresse.

Ien fan syn favorite dichters wie yndied J.C. Bloem en fan syn wurk de earste bondel 'Het Verlangen' út 1921! Dat 'verlangen' hat Geale ek draun. Bloem dichtet:

*Daar moet toch zijn
Een lied, dat heel ons wezen houdt,
En tot een beeld scheidt, onverflauwd
Van kleur en lijn.*⁵

'Daar moet toch zijn': it is *net* it sykjen en langjen nei it *eigen* lok, mar nei it *dield* lok fan alle minsken fan goede wil, fan in mienskip dy't troch it moaie, de

⁴J. C. Bloem, Verzamelde Gedichten, 1953, s. 8. *De Bedelaar*, 3^e strofe

⁵Boppeneamd wurk, s. 14. *Ons hooge lied*, 2^e strofe.

skientme, ta in harmonieus libben komt yn in bettere wrâld: sosjaal en sûnder drank. Dream dyn dreamen.

Wa kin dat better ûnder wurden bringe as de dichter fan toan en taal: hy hie langst *nei* en ferlet *fan* kennis en hy woe it trochjaan en alles foel teplak mei syn stúdzje fan Nederlânsk en Frysk.

*Niet in mijn dorpen en mijn elf steden,
niet in mijn meren en mijn heerlijkheden
ben ik het meest mijzelf, maar in mijn taal:
het instrument waardoor ik ademhaal.⁶*

Likegoed Nederlânsk, Stellingwerfsk as Frysk koe er yn sykhelje, mar earst wie der it Nedersaksysk fan Blesdike en Vroomshoop. Ek oan dy taal soe er syn hiele libben loyaal bliuwe. Hy wie 21 en skoalmaster en it wie oarloch en yn datselde jier skreau Aar van de Werfhorst yn Mariënberg en Junne oan syn 'De winterkraaien' oer de sân turfstekkers yn de feanen dêr't de jonge Geale doe tahold. Altyd kaam dat boek wer te praat. In sitaat:

*De stilte van het wijde veld was zo groot, dat het geluid, dat hun kleine gaan maakte, verloren ging in de ruimte. Hun zwijgende tocht door het troosteloze land, zo alsof daar levend geworden bonken aarde bewogen, was onuitsprekelijk weemoedig. [...]
In het Westen, aan de uiterste rand van het veld stond de blauwe kon-
toer van de Lemelerberg. In het Oosten welde de bruine aarde bijna
onmerkbaar tot aan de hoogte van Sibculo. Daartussen was het uren en
uren gaan.⁷*

Altyd soe er mei Tsjerkje wer weromgean nei dat lân en dy berch, sa't mear plakken fan oantinken en langst fêst op it programma stiene. Hy wie loyaal oan syn dierbere oantinkens, oan de skatten fan lânskip, literatuer, muzyk en freonen; dy hawwe him foarme en hawwe de sin fan syn bestean west. Dêrom woe er ek wer werom en sjen oft it der allegearre noch wie en syn hert ophelje. Woe er in slach troch it tún en de blommen en planten beneame mei de bewende nammen dy't er al salang koe. Woe er syn grutste skatten, syn boeken, in goed plakje jaan en koe er pas ôfskie fan harren nimme as er fernommen hie dat er him *net* fersind hie: dat syn loyaliteit terjochte wie en se him net teloarstelden. In 'valies met droomen'. 'Ik tochte, do moastst de Gedenkschriften fan Troelstra mar ha.'

Emily Dickinson dichte al yn de 19e ieu oer Geale syn tún en oer syn heuvel en bosk en Obe Postma sette oer:

*Ik haw it de tún noch net ferteld,
- 't Die my tefolle oan;
En ik haw ek net de krêft opbrocht
En sis it de bijen oan.*

⁶Ed Hoornik, Verzamelde Gedichten, ! 979, s. 236. *De elf provincies en het nieuwe land, Friesland.*

⁷Aar van de Werfhorst, *De Winterkraaien*, 1957, s. 5-6 (1^e druk, 1945).

*Ik sil it net bringe de strjitte lâns:
Hja kamen net út 'e rie
Hoe't ik, sa skou en ûnbeleard,
Moed om te stjerren hie.*

*It moat net nei de heuvelkant,
- Dêr hie 'k myn útflecht sa;
En it bosk dat 'k leaf hie, moat ek net
Fan myn fuortgean witten ha.⁸*

De dreamen fan de dichter dy't wy yn ús tas stopje en mei op reis nimme, reitsje nea oer de datum. De winterjasmyn en de akonyt sille him misse, de Lemelerberch en it Kommissaris Cramerpaad, de roazebôge en it bûtergieltsje.

Nei Kneppelfreed waard er loyaal oan de striid foar it Frysk, mar op syn eigen wize: troch it gewoan te brûken, les te jaan en elkenien dy't dat mar woe, it moaie fan dy taal sjen te litten. Wat wy as kwekelingen earne fier wei fielden, makke hy sichtber en manifest: wa sil dy it rjocht ûntstride dyn eigen taal te brûken?! Mar as't it brûkst, doch it dan goed! Yn hiel Fryslân hat er Frysk jûn, hjir en dêr in pear oeren, bygelyks yn Ljouwert oan de Ryks HBS dêr't Philippus Breuker Frysk fan him hie; no professor mjirkes yn de Fryske Taal en Literatuer. Foar Fryske lessen op 'e kweek krige er net it folle salaris, want in offisjeel fak wie it oant '70 net, mar likegoed; hy joech it mei ynmoed. Mar lykwols:

'Jongeman, ik haw grutte beswieren tsjin wat jo sneons foar de radio dogge'⁹

Dat sei Sinteklaas tsjin Geale en dat is it mei de gek beslaan fan wat de tragyk is fan in dosint Frysk: opbokse tsjin 'moedwil en misverstand'. Hy fiert Sinteklaas op yn syn radiopraatsje fan 7 desimber 1985. It wie ien fan de likernôch 300 tusken 1980 en '88 en hy soe der yn Fryslân wiidferneamd mei wurde; as ien syn stim hearde yn in winkel of sa dan wie it: 'Binne jo net dy man fan de radio?!' De titel fan it boek mei in samling praatsjes is in begryp wurden yn Fryslân: 'As jim tútsje wolle, dan gau'. En dat wie in foarbyld fan famyljetaal!

De radiopraatsjes waarden krantestikjes yn de Drachtster oant de direkteur it near lei op it Frysk yn syn geweldige krante: net sjyk en net kommersjeel. Poerlulk wie Geale en terjochte. Mar lykwols: in rûnte fan minsken ûntstie dy't reagearre en belle nei oanlieding fan in útstjoering en stikjes en sechjes, sprekwurden en ferskes waarden trochjûn en optekene. Yn ús dagen soe Geale de man wurden wêze fan mail en ynternet. Hoewol, Geale en knoppen wie net sa'n ideale kombinaasje!

Earder al foar syn pensjoen foarmen him twa rûnten om Geale hinne fan toanielspilars en foardragers. Ferneamd wiene de prachtige toanielopfieringen fan de kweek yn de Phoenix, Vreewyk en De Lawei mei as hichtepunten 'Tsiën

⁸Obe Postma, Samle Fersen, 2005, s. 444. Oersetting fan Emily Dickinson, *I have not told my garden yet*; strofe 1, 2 en 3.

⁹Geale de Vries, *As jim tútsje wolle dan gau*, 1988, s. 124.

jier letter' fan Piter Terpstra yn 1961, 'Ons stadje' fan de Amerikaan Thornton Wilder en De Nepert fan Molière yn de Fryske oersetting fan Geart Jonkman.

Loovjende besprekken fan Sytse Jans van der Molen of Freark Dam besloegen soms in heale side (yn it Frysk!) fan de âlde Drachtster krante en de toanielrûnte foarme him om Geale en Tsjerkje hinne mei akteurs as Maaïke de Wilde, Saakje Wittermans, Wieger Moll, Antje Lenting, Fré Leijder Havenstroom en in hiel soad mear dy't soms op it Skuttersfjild kamen om te repetearjen. Ut 'in hûs fan waarmte' fan Berber van der Geest:

*se sizze
de treppens bin'
omearmingen fan freonskip
de keamer in petear
fan waarme hichte
it lewant beklaid
heal skatterlaits heal trien¹⁰*

Foar in part wiene it deselden dy't meidiene oan de foardrachtskriich dêr't Geale yn 1965 skepper en skriuwer fan waard. Tegearre mei Tsjerkje die er 14 jier de organisaasje en groeide it FeRstival út ta in prachtich barren mei in grutte pozijfamylje fan dichters, sjueryleden, dielnimmers en priiswinners: 1959 en '60 Dicky de Vries, '61 Saakje Wittermans, '63 Maaïke de Wilde, '64 Mindert Wynstra, '74 Marietje Varwyk en 2, 3 en '84 Gerda van der Wyk. Aansen sille jim Gerda beharkje kinne.

Toanielspilars en foardragers prate mei tagedienens en respekt oer Geale syn wurk as regisseur en begelieder: it wie altyd noflik, der wie in soad romte foar eigen ynbring en de foarmjende wearde foar letter libben wie grut. Tsjits Peanstra, ien fan de sjueryleden en dichters, brocht it sa ûnder wurden:

*Wy seagen krekt as yn in dream
Eat fan it paradys,
Sa't ús sa'n bern dy foardracht brocht
Gefoelich en presys,
Fan 't jonkje mei syn lytse freon,
Se waarden feint en man
En jitris hearden wy dan wer
Dit fers, it hjit fan: Us Johan.¹¹*

Sokke wurksumheden njonken it gewoane wurk foar de klasse, nei de oefenskoallen en mei de korreksje joegen fansels in soad ekstra drokte en it wie yn dy tiid sûnder kompjûter, printer en mail in hiel gedoch mei skriuwmasine en trochslaggen, stinsels en oar tipelsinnich guod. Dêr kaam it skriuwerskip fan de Underwiisrie noch by, ûnbetelle, en fansels alderhanne kommissjes en it skriuwen fan lesboeken: Maskelyn, De Oanrin, Palmslach, De Stipe, Tekst en Utlis.

¹⁰Berber van der Geest, Poëzij op 'e planken, 2007, s. 82.

¹¹Tsjits Peanstra, Neierhân, 1999, s. 391. Foardrachtskriich, lêste strofe.

Allegearre foar de goede Fryske saak. Hat Fryslân dat wurdearre en blike litten yn earbewizen? In lintsje of in anjer, in priis of in eareboargerskip? In 'levensbericht'?

Wy hoopje dat de tagedienens, de waarmte en de freonskippen fan de learlingen, de toanielspilars en de foardragers, de dichters en de sjueryleden, al dy bellers op sneontemoarn him genôch wiene. Wie der ien dosint mei mear kontakten mei âld-learlingen?

Hat er it folk yn him witten, de minsken dy't him drage? Droegen hawwe? Wa't him altyd droegen hat, is syn frou sûnt 1958, Tsjerkje Hemrica.

Douwe Tamminga seit it sa:

*En tusken ús is it sêft brekken
Fan it ljocht yn ien inkele romer
En yn it lims en de biennen heften
Fan it tafelreau op it wyt lekken:
Lyts en faai fjild-fan-krêften.
Nea tagediener tape in frouwehân it yngoe drinken
Mei sok ûnrimpen en stil skinken
Oer yn de glêzen fan gemiensumheid.¹²*

Tegearre wiene se en tegearre berêden se hûs en hiem en toaniel en foardragen en opstellen, de manuskripten fan Douwe oant op de komma en tegearre skarrelen se troch it hûs en nei en fan sikehûs, apteek, brilleman en gehoarman doe't it sa njonkelytsen 'bitter tinken' waard. As Tsjerkje der net west hie: syn bûsboekje en syn telefoniste, syn eagen en earen.

*Lea, it wurdt bitter tinken. Bûtendoarren
Benuttiget de hjerst de roazebêden,
Spint er de paden ticht. En úttsjinne
Sinke de pompeblêden yn de grêften
Fan it ferjit: ûnkearber en âld barren.¹³*

Wat Geale de Vries sûnt 25 febrewaris 1921 yn syn ûnthâld opslein hie, is wiske, it is delete. In pear wike lyn hiene wy it tegearre noch oer Jacques Perk, oer Schepers en Fiore della Neve: hy lei ferbannen en helle feiten op, hy sitearre ferseflarden en frege hoe't it mei de skripsje gie. Hy kin net mear freegje en ik kin net mear freegje: beide is slim.

Wy kinne him meinimme yn ús hert sa't wy dat al jierren diene: as in l'homme honnête; as in nommel man. As in bysûnder man dy't syn rike kennis en syn djip fielen diele woe yn goedens.

Geale de Vries hat ús jûn wat er net besiet: de siele hat er ús jûn, besiele hat er ús.¹⁴ In print fan died op ús oerbrocht. Hy hat ús rykdom brocht sûnder earbewizen. Wy sizze him tank foar alle bagaazje en freonskip. Wy sille it

¹²Douwe Tamminga, Stapstiennen, 1979, s. 60. *Sitadel*, 1^e en 3^e strofe.

¹³boppeneamd wurk, 2^e strofe.

¹⁴Hjir doel ik op it fers *Fan earbewizen en âlde brieven* fan Obe Postma, Samle Fersen, 2005, s. 391. Gerda van der Wyk hat dat fers nei dizze tekst foardroegen.

'valies' mei syn dreamen meinimme op de reis dy't ús noch jûn wurdt. Mei de âlde dichter Obe Postma beslút ik:

*Hast is 't lêste ljocht fersille,
Skaden lûke oer hiem en grêft.
Gjin droef-blide dreamewille
Kin mear 't hert omhegen tille.
En de himel slút him sêft.¹⁵*

De winterjasmyn en de akonyt sille him misse, it Ids Wiersmahôf en de sinne sille him misse en wy, wy sille him sa misse. Dat er rêste mei yn syn frede.

Jeropeeske driuwers

'Lit plaknammen efkes mei rêst,' woe Piter de Groot yn syn Dwers earst hawwe. (LC, 24 juny) Mar trije wike neitiid helle er yn syn Dwers,"GrootSneek.nl net anty-Frysk', de Snitser Walda oan – Walda spuide mei 'djipfries' en 'fanatisy' syn galle oer harren, dy't de súdwesthoekster gemeente oan Snits en Skuzum, Hylpen en Heech hawwe woene. De deis dêr wer oan foel yn de Groot syn harje it wurd plaknammeftoerje, dy't yn Grou begûn wêze soe, (LC, 16 july 2011) Fan rêst like gjin sprake te wêzen.

Bertus Jans Postma

De Groot achte Walda syn taal in oantrún foar bewegingsfriezen om har ôf te freegjen oft har striidmetoaden wol effektyf wiene. Ei kom! Har metoade bestiet út praten en skriuwen, om mei feiten en arguminten en wat mear kennis fan saken de 'oaren' te oertsjûgjen. Macht dat makket hawwe se net. It moat my al fan de lever, dat wurden as fûnemintalisten, djipfriezen, trochdriuwers, fanatisy fan de oare kant de nocht oan 'e hinne-en-wer skriuwerij der net grutter op meitsje.

In nij feit yn alle skriuwerij liket my in fergetten belestingsaak ta. Yn 1993 oardiele it Ljouwerter Hôf oer in Frysktalich beropskrift tsjin in oanslach. De ynspekteur hie it

beswierskrift yn dy taal net behannelje wollen. Foar it Hôf wie it beropskrift lykwols wól ûntfanklik. It berôp him dêrby op it Hânfêst foar minderheidstalen, Dat ferdrach hat hegere status as dat guon it tatinke.

Ljouwert en It Fean krije in stik fan Boarnsterhim derby. Neffens it Hânfêst kinne se net foar de taalwiksel yn har steds- en doarpsnammen wei. Guon wol it net rjocht oan, Rimmer Mulder: Het is absurd, dat op grond van dit verdrag de inwoners van Grou zouden kunnen eisen, dat de hoofdstad van hun nieuwe gemeente Ljouwert zou moeten heten. (LC, 12 maaie 2011) It binne fansels net de Grousters dy't de Ljouwerter rie dêrta twinge, it is in Jeropeeske regel, Dy regel is hurd, mar it is no ienris de regel.

¹⁵Obe Postma, Samle Fersen, 2005, s. 84-85. *Novimberdream*, lêste strofe.

It wol net by my wei, dat de Snitser Walda en oaren mei har fanatysy, taalfûnemintalisten en trochdriuwers by de bewegingsfriezen oan it ferkearde adres binne, se moatte by de

Rie fan Jerope wêze yn it Palais de l'Europe yn Straatsboarch.

--- o O o ---

It foarôfgeande ynstjoerde stikje fan 19 july woe de Ljouwerter net opnimme. De man fan 'Ingezonden' koe syn beide âld-kollega's net op it har spit lizzen sjen, hy hold har de hân boppe de holle.

Neffens Rimmer Mulder soe de polityk yn syn taalbelied it minskdom beskoalmasterje, 'sa fan: wy tinke dat it goed foar jimme is dat it Frysk bliuwt.(...) Dêrom sille jimme it tenei altyd oer Fryslân en net mear oer Friesland hawwe. En dêrom hawwe alle marren, fearten en oare wetters Fryske nammen krige. Foar jimme hie dat miskien net hoegd, mar wy tinke dat it sa better is. Net folle politisy doare lûdop te sizzen dat se it eins mar ûnsin fine, omdat soks it Frysk ommers dochs net helpt.' (yn 'Net mei praat allinne', LC 22 april) Mulder, foar wa't oars feiten en argumenten tige telle, die it der dykears alhiel sûnder.

Mulder mient mar, dat wy miene dat wy mei ús ierdrykskundige nammen de taal helpe wolle. Hy mient dat ferkeard. Yn *Fan geunst nei Rjocht* is ien en oar klear en dúdlik beskreaun: 'in ûnkrechte foarstelling fan saken is, dat it doel fan it belied Fryske taalbefoarding wêze soe.' (side 51) It is te rêden om 'e lykweardigens en

lykberjochting fan beide grutte taalgroepen fan minsken. En dêr drage ús nammen ta by – bûten alle taalbelied om.

No hawwe op heech Hagemer bestel doarp en stêd ien en mar ien offisjele namme en dy kin mei goed fatsoen net yn twaen, de iene helte yn ús taal, de oare yn it Hollânsk, lykas Ljouwarden en Echtenerbrêge. Der is lykwols wol in oare manear om it prinsipe fan de lykweardigens en lykberjochting fan beide spraken yn in ierdrykskundige nammen ta te passen: nei, sis mar, 300 jier Leeuwarden en Echtenerbrug, no de kommende 300 jier Ljouwert en Ychtenbrêge, en dat om en om.

Fryslân is wat in apart gefal. Mulder hie it yn 'e macht om Friesland yn de Ljouwerter ôf te skaffen, mar hy woe nul en neat fan ús *Fryslân* witte en sadwaande syn krantefolk ek net en sadwaande de advertearders en lêzers oer it generaal allikemin. Mulder draaide de saak om doe't er ris skreau dat de eigen lânsnamme der net yn rekke wie en dat syn krante it mei Friesland goed ret hie.

'Lit plaknammen efkes mei rêst,' skreau de Groot. En de man fan de LC-Ingezonden wie soks tige, hy naam neat mear op dat sûnt de tachtiger jierren in hot item west hie. En de redaksje-ûnderbazen suchten in sucht fan ferromming, in stikje folkloare wie de ivige dea stoarn. En Mulder? Fryslân en Snitser Mar en Feanwâlden ensa wiene him al slim yn 'e wei, mar fierder ûnk en wea soene syn âld-kollega's him besparje: de nammesykte soe him net fierder útwreidzje, hy koe him deljaan.

Bitgummole

KAFEE 'ROM SICHT' (18)



Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

Rommert Tjeerdsma

Boate kastelein hellet mei bewende bewegings in doek oer de taap en jit dan de earste konsumpsjes foar de mannen yn. Neidat Fetse in fikse swolch Bearenburch nei binnen wurke hat, stekt er fuortdaliks fan wâl, it is te fernimmen dat der wat is dat him heech sit.

'Dy Halbe fâlt my om earlik te wêzen duvelsk ôf,' seit er, wylst er de romer mei in fikse tik op 'e tafel set.

'Halbe?' freget Geart nei de bekende wei, 'hokker Halbe.'

'Doch net sa ûnnoazel', batst Watse der fuortdaliks oerhinne, 'Halbe, dy man dy't fan de nije regering op 'e kultuer passe moat fansels.'

'Op 'e kultuer passe, die er dat mar, it hat der mear fan dat er de kultuer opheffe wol,' stint Fetse soarchlik, 'yn Ljouwert hawwe se in

Auke de sloper, dêr koe dizze man wol famylje fan wêze'

Minne set syn miksdrankje in momint del. 'Wat kin 't skele,' seit er smeulsk, 'ik fyn it in goed ding dat it mes ris yn al dy subsydzjes setten wurdt, it moat mar ris út wêze mei dy jildsmiterij.'

'Dêr hast foar in part wol gelyk oan,' falt Geart him by, 'nim no dy healwizichheid op Skylge alle simmers, hoe hjit dat ek al wer, oh ja Oerol. No, ast soks op 'e tillevyzje sjochst, dan tink ik by guon persoanen ek wolris: as dy syn ferstân werom kriget, wurdt er fan blydskip wer gek.'

'Fyn ik ek,' seit Minne, 'wa't him of har oanstelle wol, moat sels ek mar foar de kosten stean.'

Fetse giet rjocht op sitten en sjocht de mannen oan as in skoalmaster dy't de bern eefkes teplak sette moat.

'Dat sizze jimme no wol, mar Oerol kin him foar in grut part sels bedrippe en in soad ynweners fan Skylge fertsjinje dêr in moai soad jild oan. It giet my mear om Tryater, in selskip dat heechsteand toaniel bringt, tige wichtich, sterker noch, ûnmisber foar de Fryske taal en kultuer.'

'Ja,' follet Watse oan, 'mar dat net allinnich, ek ús literêre blêden en de boeken dy't yn ús eigen taal skreaun wurde, ik bin bang dat dy it ek belije moatte.'

Geart riert wakker yn syn jonge mei sûker om en hâldt him yn-earsten stil, tajaan dat in oar ek wolris gelyk hawwe kin, komt net yn syn boekje foar.

'De pest is dat wy altyd fan dy Hollanners ôfhinklik binne,' konstatearret Fetse, wylst er Boate de wink jout. 'Ik hie tocht no mei dy Halbe falt it wol in slach ta, it is op 't lêst ek in Fries, hy sil syn bertegrûn dochs net fergetten wêze?'

'It is in Stellingwerwer,' seit Boate dy't de bestelling bringt en de lêste wurden opheind hat, 'ferjit dat net.'

'Dat seit neat,' reagearret Minne, 'dat binne oer it generaal aardige minsken, al hawwe se in oare tongslach.'

Geart oppenearret him no ek wer: 'Ja nim no bygelyks Johan Veenstra, in freonlike man dy't moaie stikjes en ek boeken yn it Stellingswerfs skriuwt, foarhinne wie er ek wol op Omrop Fryslân te hearren.'

'Ja eins hiene wy Johan better as steatssekretaris fan kultuer hawwe

kinne,' seit Fetse, 'dan hie 'k dêr noch wol wat betrouwen yn hân, no sjoch ik it in gat yn 'e kop.'

Watse slacht syn romerfol yn ien kear efteroer: 'Miskien falt it noch in slach ta, wy moatte ek net gûle foardat wy klappen krije.'

'It fâlt wol, mar net ta, bin 'k bang,' seit Fetse mismoedich, 'sokke tiden komt myn âlde dream wer boppe. De sân Fryslannen op 'e nij feriene, de frije Fryske republyk, dan koene wy einlings ús eigen saken regelje.'

'Republyk?' freget Geart, 'ik miende dat wy yn in fier ferline keningen hienen.'

'Is ek sa,' reagearret Fetse,' mar dy waarden wol troch it folk keazen en as se net foldiene, waarden se oan 'e kant set. Kom dêr tsjintwurdich ris om.'

'No, do meist wat my oangiet wol kening wurde,' siet Watse, 'myn stim haste.'

'Ja, fan ús ek wol,' roppe de oaren, 'mar dan moast fansels wol traktearje!'

'Tige tank foar it betrouwen, mar sa fier is it noch net, bûtendat is de monargy al jierren út de tiid. Mar in slokje krije jim al fan my.' Fetse jout Boate de wink en seit dat it rûntsje fan him is.

'Ik haw twa soarten nijs,' seit Boate as er de gleskes fol getten hat. 'Goed nijs en minder goed nijs, wat wolle jim earst hearre?'

'It minne, dan kin it dêrnei allinnich mar better wurde,' ropt Watse.

'No fuort dan mar. It minne nijs is dat it de heechste tiid wurdt en it goede dat Tryater rêden is en bestean bliuwt, ik haw it krekt op 'e	radio heard.'
	'Duvel nochoan ta, dat is yndie goed nijs,' ropt Fetse ferheard, lit ús dêr op drinke: proast!'

Us eigen taal (7)

Utgongspunten foar in Fryske taalstandert (6)

Yn de lêste fiif nûmers fan *Lyts Frisia* (2010/2011) haw ik oant no ta yn fjirt-sjin punten myn útwurking jûn fan in Fryske taalstandert (of noch better: fan in Fryske-taalstandert). Dêrmei is jitte lang net alles oer sein oer Fryske taalnoarm(s), mar ik haw ál in - beskieden - fûnemint lein foar myn oardiel oer Frysk taalgebrûk en oer de fraach oft in taalfoarm *Standertfrysk* is of dat wêze moatte soe, oer dialektysk *Frysk*, *min-Frysk*, *ûn-Frysk*, *gjin Frysk* en sels *ûnfrysk*? Dat lêste begryp, *ûnfrysk*, jout in wearde-oardiel oer en in kwalifikaasje fan in foarm dy't net past by it Fryske (folks)karakter en de Fryske kultuer. Lju as Waling Dykstra en Douwe Kalma hiene dêr in skerp each en ear foar. Oan sokke foaroanmannen (en in inkelde foaroanfrou) wol ik yn myn kommende taalstikjes mear omtinken jaan. Hja hâlde ús alle dagen wer in taalspegel foar om jin oan op te skerpjen.

Mar earst noch wat oer de standert.

Flaters yn de bou fan de sin

15. [Ik nûmerje noch efkes troch]. Yn myn oersjoch haw ik it amper hân oer ferkearde ynslûpsels (ynterferinsjes, ornaris hollânismen) yn *de bou fan de sin*. Dy lykje der yn it skreaune proaza fan de foarige ieu (noch) net folle te wêzen. By de jongerein of by oare wankele taalbrûkers fan hjoed-de-dei komme sokke *syntaktyske* ynterferinsjes spitigernôch hieltiten faker foar, net allinnich mûnling, mar út en troch ek al skriftlik. Dat raast út soarte oan de protters en *hie* sa net *moatte wêze*. Wat deale, dy tiidwurdefolge *hie* fansels sa net *wêze moatten*. Ik hie leaver hân dat ik soks net *hie moatte kinne hearre*. Wat deksel, al wer mis. It hie better west, dat ik dat net *hearre kinne moatten hie*. Yn de Fryske bysin hearre de Friezen ommers dwers tsjin it Hollânsk yn te gean. Net in minne eigenskip, tinkt my. En se moatte sa út en troch ek in *-n* efter in ynfinityf (nammefoarm) sette ('moatten hie).

De oarsaak fan dy wanskepen taalfolchoarder, sa'n *omkearing*, leit yn de oeren almacht fan it Hollânsk yn en bûten de skoalle en in fiersten[te] min oan Frysk. By óare wurden as *tiid* wurden komt soks likegoed foar: bgl. 'kom *net hjir/dêr*' ('niet hier/daar') yn stee fan 'kom *hjr/dêr net*'. Of: 'ik doch it *ek/net sels*'

(‘ook/niet zelf’) as it ‘ik doch it *sels ek/net*’ wêze moat.¹⁶ Tink ek oan ‘hâld dat *efkes sá*’ (‘even zo’) yn it plak fan it geve Frysk ‘hâld dat *sá efkes*’.

In foarbyld fan in wurd *tefolle* yn de sin is bygelyks ‘ik haw *der trije*’ (Holl.: ‘Ik heb *er* [= ervan] *drie/veel*’). Dat ‘der’ is yn dy Fryske sin in nuver idiomatysk syntaktysk ynslûpsel. It wurdsje ‘der’ heart yn ús eigen taal net foar in hoemannichte (telwurd) te stean. Mei ‘ik haw *trije/in protte*’ kin it skoan ta.

De ynfloed fan sokke mishipte foarms op de bou fan de sin, op it Fryske taalsysteem, rekket it Frysk yn syn wêzen. Om dat (op) te kearen of ôf te learen, kinne de Friezen net sûnder goed en genôch ûnderwiis yn it Frysk, dat jûn wurdt troch learkrêften dy’t sels it goede foarbyld jaan kinne. By it oanlearen fan de goede Fryskeigen folchoarder moat de Fryske en Hollânske folge hieltiten mar wer bewust en systematysk ferlike wurde op oerienkomsten en ferskillen om sadwaande beide talen goed útinoar te hâlden. En moatte de goede Frysktalige foarms troch de learlingen yn in lang en yntinsyf proses automatisearre wurde.

Soks freget folle en folle mear tiid foar it Frysk op de skoallen (basis- en fuortset ûnderwiis) as dat der hjoed-dei-dei oan bestege wurdt. De *Feriening Frysk Underwiis*, dêr’t ik skriuwer fan bin, stribbet sok ûnderwiis nei (klik ris op www.ffu-frl.eu; jo stipe soe ús wolkom wêze!). It oan- en ôflearen fan de folchoarder heart in trochgeand proses te wêzen, mei help fan Fryskkundige learkrêften en learboeken dy’t dat hieltiten mar wer op it aljemint bringe.¹⁷ Foar sokke aspekten jouwe de Fryske hânwurdboeken I (1984) en II (1985) gjin eksplisite noarm. Dat is wol it gefal yn ûnmisbere boarnen lykas *Tiidwurden* (2000), *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis* (1982), de *Grammatica Fries* (2006) en oare fakliteratuer.¹⁸

Net alle taalfariaasje hoecht lykwols ‘ferkeard’ te wêzen. Yn *Tiidwurden* (s. 35-69) fynt men in wiidweidige alfabetyske list fan ûnregelmjittige tiidwurden mei de *haadfoarms* (d.w.s. de *standertfoarms*) yn fet oanjûn en beskate njonkenfoarms lyts ôfprinte yn de noaten. In foarbyld fan sa’n haadfoarm is: *gean* - ik *gean* - ik *gong* (njonkenfoarms: *gie/gyng*) - ik bin *gongen* (njonkenfoarm: *gie*). Oare dialektyske foarms binne mei rjocht bewust nét *opnommen* (njonkenfoarm: *opnomd/opnaam*). De gearstalders fan Frysktalige learmiddels soene dy standertfoarms konsekwint as earste opnimme en oanleare litte moatte. Soks is in earsten betingst foar it jin goed oaneigenjen fan in standert.

¹⁶In ferneamde Fryske skriuwer as Hylke Speersma hat dêr noch gjin lêst fan: “De ûntroering dy’t ik *sels ek* fiel, dy’t mysels ferrast by it proaza dat út myn pinne floeit” (*De Moanne*, jrg. 10, nû. 6, july 2011, s. 13). By in lesjouster Frysk as Liskje Flapper giet it mis yn in skôging fan harres: “Mar Rypma brûkte it hokje net allinne foar fee, hy wenne dêr *ek sels*” (*De Moanne*, jrg. 10, nû. 6, july 2011, s. 24).

¹⁷In goede oanset jout haadstik 5, ‘Kontrastive analyse en Frysk taalûnderwiis’, út: P. Breuker, J. Hoekstra e.o., *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis*. Grins/Ljouwert: (FYRUG/Afûk, 1982. Is it noch wol te krijen by de Afûk?

¹⁸Dick Eisma en Jan Popkema, *Tiidwurden*. Ljouwert: Afûk, 2000 (sechste, revisearre printinge of letter); J. Popkema, *Grammatica Fries. De regels van het Fries*. Utrecht: Prisma, 2006 (378 siden); P. Breuker, J. Griffioen, J. Hoekstra e.o., *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis*. Grins/Ljouwert: FYRUG/Afûk, 1982.

Taaleigen

16. Foar taaleigen lykas siswizen en oare útdrukkings jouwe it *Frysk Wurdboek* (F-N, 1984), it taalgebrûk fan grutte skriuwers - benammen dy út de tritiger jierren fan de foarige ieu - en spesifike taaleigenboeken lykas *Ken jim Frysk, Op 't aljemint* en *Op 'e taelhelling I en II, Efkes Taalbuorkje [I] en II*¹⁹ yn de measte gefallen in noarm fan wat goed Frysk is, hoewol't de samling net folslein wêze kin. It nije twadielige *Frysk Hânwurdboek* (2008) is ek in bûtenwenstich rike boarne. Wa't goed Frysk skriuwe wol, kin der net sûnder.

Ta dat 'eigene' (dus: taaleigen) soene ek it op in 'Frysk-eigen' wize brûken fan foarnamwurden as *dy/dizze, dat/dit* en *dêr/hjir* rekkene wurde kinne. De foarnamwurden 'dizze' en 'dit' wurde yn it Frysk almeast te ûnpas brûkt troch krantelju of oare skriuwers mei pretinsjes. Yn fierwei de measte gefallen hiene se 'dy' of 'dat' skriuwe moatten. Ornaris is it ûnbewitten ferkeard brûken fan sokke wurdjes fansels wer te witen oan de grutte ynfloed fan it Hollânsk op har 'Frysk', dat fandatoangeande *net-Frysk* wurden is. Faaks kin it ek wol *ûnfrysk* neamd wurde.

Inkelde foarbylden:

1. Hij had er zijn vader over gesproken, maar *deze* weigerde ronduit - Hy hie der syn heit oer te wurd west, mar *dy* wegere planút.
2. Toen de nood aan de man kwam, leek Gerard besluiteloos; *dit* viel zijn vriend tegen - Doe't de kniper op 'e skine kaam, like it, Gerryt koe net út 'e rie komme; *dat* foel syn freon ôf.

¹⁹Sjoch: J.K. Dykstra, *Op 't aljemint*. Ljouwert: Afûk, 1978. Oare boarnen op it mêd fan it taaleigen dy't tige de muoite wurdich binne, binne de beide monumintale dielen fan Douwe Tamminga:

- Tamminga, D.A., *Op 'e taelhelling. Losse trochsneden fan Frysk taellibben, I*. Boalsert: Osinga, 1963;

- Tamminga, D.A., *Op 'e taelhelling. Losse trochsneden fan Frysk taellibben, II*. Boalsert: Osinga, 1973.

En boppedat:

- Tamminga, D.A., *Kantekers. Fersprate stikken oer taal en literatuer*. Grins: S.F. FYRUG, 1985;

- Tamminga, D.A., *Styl en Stavering*. Grins/Batavia: J.B. Wolters, 1948.

Fierders:

- Kalma, D., *Freegje mar fierder! In ynlieding ta it Fryske taeleigen [foarste dieltsje]*. Boalsert: Osinga, 1943;

- Kalma, D., *Ken jim Frysk! In samling Frysk Taeleigen foar leargongen en selsstúdzje*. Drachten: Laverman N.V., 1948;

- S.W. Douma [= D. Kalma], *Frysk taeleigen-boekje I. It túch der út!* Drachten: Laverman, 1946 (Rige Lytse Paedwizers 2);

- S.W. Douma [= D. Kalma], *Frysk taeleigen-boekje II (mei kaei). It goede krûd*. Drachten: Laverman, 1946 (Rige Lytse Paedwizers 3). It boekje fan 16 lytse siden (in *kaai* fan 4 siden ynbegrepen) haw ik yn 2010 yn de hjoeddeiske/hjoeddeistige stavering oerbrocht, útwreide en gâns bewurke en is no by myn *Kursus Frysk Skriuwen* oan te klikken op: www.ffu-frl.eu. Sjoch by: *Publikaasjes/Kursus Frysk Skriuwen/Les 9*. Benammen de korreksjebleden (de 'kaai') mei wiidweidich útwurke antwurden by de ynfolleskes beslane (njonkenfoarm: beslagge) no mear siden as de leskes sels. It nije *Frysk Hânwurdboek* (2008) wie dêr in ûnmisbere boarne by. It oarspronklike boekje fan Kalma sil allinnich noch antikwarysk te besetten wêze.

- Tsjepkema, H., *Efkes taelbuorkje*. Ljouwert: Koperative Utjowerij, 1978;

- Tsjepkema, H., *Efkes taalbuorkje II*, Ljouwert: Koperative Utjowerij, 1997.

Foar de regels fan it Frysk is grif it wichtichste standertwurk:

- J. Popkema, *Grammatica Fries*. De regels van het Fries. Utrecht: Uitg. Het Spectrum B.V, 2006 (378 siden).

- Teake Hoekema syn *Beknopte Friese vormleer* (Ljouwert; Afûk, 1996) is ek in tige nuttich boekje.

-
3. Zij moet nog driehonderd meter klimmen; *dit* valt haar niet mee - Hja moat noch trijehûndert meter klimme; *dat* falt har net ta.

Yn sokke sinnen mei *dat* wurdt nei in 'antesedint', in *foarôfgeand* feit (omstannichheid, hanneling, útspraak) wiisd mei in *dy-* of *dat-*sin as gefolch.²⁰

Dizze en *dit* tsjutte yn 't Frysk allinnich oan wêr't men op wiist; *dit* wiist yn it Frysk ék mear foarút as yn it Hollânsk²¹

1. *Deze* hond vind ik mooi - *Dizze* hûn mei ik graach lije.
2. Maar *dit* heb ik mij vast voorgenomen, dat ik mij daar in het vervolg niet mee inlaat - Mar *dit* haw ik fêst foar my nommen, dat ik dêr tenei bûten bliuw.

Yn de lêste sin wurdt *foarút wiisd* nei wat noch komt; ferl. ek: Ik sil dy *dit* sizze, jonkje, asto soks wer dochst, dan *krigest*²² in wan bruien.

Winliken fan in selde lape binne *dêr/dêrom* en *hji/hjirom* knipt. Wer inkelde eksimpels:

1. 'Feroaring fan lucht' is in ferneamd boek. Durk Snoad spilet *dêr* (nét: *hji*) de haadrol yn.
2. Om De Sweach binne in bulte bosken. *Dêrom* (nét: *hjirom*) mei ik *dêr* (nét: *hji*) graach (jerne) komme.²³

Ynslûpsels (ynterferinsjes) út it Hollânsk (en it Ingelsk) binne net sa 'leuk' (ek al wer sa'n growlich hollânisme, tagelyk ûn-Frysk en ûnfrysk). As men dêr neat oan (*tsjin?*) docht, dan is dat op termyn de deastek foar ús *taaleigen* en foar ús *eigen taal*. *Dy* (nét: *dizze*) moatte sadwaande bûten de standert keard en mei alle macht bestriden wurde.

Dêr (nét: *Hji*) falt yn myn kommende stikjes noch wol wat mear oer te sizzen.

De 'standert' lit ik no ynearsten mar efkes gewurde. Yn alle gefallen hawwe jo as *Lyts Frisia*-lêzer mei myn útwurking fan *dy* (nét: *dizze*) standert gauris tagelyk in andert (antwurd?) *krige* (*krige* is de standertfoarm, dus moatte jo de njonkenfoarm *krigen* mar skouderje)²⁴ op ûnderskate fragen oer en fraachtekens by dûbelfoarms en wyldgroei fan oare dialektyske farianten. Dêr kin en moat

²⁰Rieplachtsje it *Frysk Wurdboek NF 2* (1985) ek ris: *deze* (H.): *dizze*; bij terugverwijzingen meestal: *dy* (s. 144); *dit* (H.): *dit(te)*, bij terugwijzen gewoonlijk: *dat* (s. 149).

²¹Sjoch: *Bydragen ta de didaktyk [...]*, (1982, s. 35).

²²Sjoch: *Tiidwurden* (2000): *krigest* is de standertfoarm en *krijst* de (ek) tastiene njonkenfoarm.

²³Sjoch ek: S.T. Hiemstra (einred.) e.o., *De Stipe*. Ljouwert: Afûk, 2005 (5te printinge), s. 87-89.

²⁴Ferl. D. Eisma en J. Popkema, *Tiidwurden* (2000) s. 48. *Tiidwurden* lykas *wolle*, *hawwe*, *sille*, *wêze*, *kinne*, *dwaan* en *steane* komme somtiden mei in *-n*, mar ek wol sûnder in *-n* yn de doetiid meartal foar, bgl.: 'wy hiene' njonken 'wy hienen'; 'wy soene' njonken 'wy soenen'. *Histoarysk sjoen* is de foarm sûnder *-n* it meast krekt, mar grif ûnder ynfloed fan de tiidwurden mei in *-n* yn doetiid meartal (bgl.: wy *makken*, *hopen*) is der in *-n* efter kommen. De foarm sûnder *-n* kriget de foarkar (sjoch: Eisma, *Tiidwurden*, 1989, s. 16). De foarms sûnder *dy -n* soene sadwaande konsekwint yn de standert en yn ûnderwiislearmiddels tapast wurde moatte. Dus altiten: *wy/jimme/hja woene*, *hiene*, *soene*, *wiene*, *koene*, *diene*, *stiene*!

aardich yn snoeid wurde. Dat is needsaaklik foar it - hieltiten mear - op skrift brûken fan it Frysk yn maatskiplike domeinen lykas it ûnderwiis (tink oan ûnderwiislearmiddels, toetsen en eksamens) en it offisjele ferkear (tink oan amtlike en juridyske stikken), dus foar it op in goed nivo brûken fan it Frysk as kultuertaal.

Der is yn de rin fan jierren al behoarlik wat foarwurk dien en dellein yn wurdboeken en grammatika's²⁵ (benammen Jan Popkema syn treflike en wiidweidige *Grammatica Fries*, 2006). Mar dan binne wy der lykwols noch (jitte?) net. Dat hoopje ik oant no ta mei myn stikjes dúdlik makke te hawwen. Ik haw myn kar dien. It fierder krewearjen foar en wurkjen oan in sa 'Frysk' mooglike taalstandert liket my in aardich putsje foar in takomstige *provinsjale taalautoriteit*, wat de namme *dêr ek* fan wurde mei (nét: wat *ek* de namme *hji*rfan wurde mei).

Oant no ta is it dus noch wat behelpen mei dy standert. Lykwols kin it taalgebrûk mei wat der al oan taalnoarm(s) leit, aardich kritysk hifke wurde. Ik haw dat earder dien troch de frisofoby en it tamtearjen en ferheisterjen fan ús taal troch in literatuerkritika en 'frisiste' as Jetske Bilker op it rabat te bringen.²⁶

En wat misse wy sûnt 3 maart 2011 de - gauris ek wat dialektysk kleure - Fryske kollums fan de fan 't jier ferstoarne frisist en skriuwer Trinus Riemersma yn de *Ljouwerter Krante*. Trinus syn Frysk wie grif 'Frysk', al wie it lang net altiten Standertfrysk.²⁷ Dêr hawwe in jonge 'frisiste' as Joke Corporaal

²⁵Ik tink dan benammen oan it earder oanhelle *Frysk Hânwurdboek* (2008) en it *Juridysk Wurdboek N-F* (2000), oan wurdlisten mei terminology foar gâns fakgebieten, bgl. Rienk de Haan, *Terminology fan 'e saakfakken*. (Ljouwert: Taalbuero Fryske Akademy, 2000) en ûnderskate listen op it mêd fan de nammen fan bisten, planten en oare saken.

²⁶Yn: S.T. Hiemstra, 'Op weg naar het kakhuis' of de 'frisofoby' fan Jetske Bilker I en II' (*Lyts Frisia*, jrg. LVIII, nû. 1-2, juny 2009 en nû. 3, sept. 2009, s. 33-39). Hja hat der, tinkt my, amper wat fan opstutsen, dat ik moat der aanst jitris oer gear.

²⁷It ûnderskie tusken 'geef Frysk' en 'min Frysk' is grif ek ideologysk kleure. Hoe 'min' mei it 'Frysk' wêze om dochs noch Frysk neamd wurde te kinnen? En hoe breed mei de paraplu fan it 'Frysk' wêze? Trinus Riemersma, jout yn syn kollum '(20) Wat is Frysk en wat net?' yn: *Diktatuer fan it frije wurd* (Leeuwarder Courant, 2011, s. 54) 16 foarbylden fan fariaasje yn ien sin en komt ta de konklúzje: "Mar sa'n ideologyske kategory 'Frysk' kin in dosint-grammatika net mei út 'e fuotten. Dêr hat in skoalmaster neat oan. Dêr kin in korrektor by in útjouwerij net mei wurkje. Dat is gjin basis foar it taalbelied fan 'e Provinsje. As wy it Frysk op wittenskiplike nivo bestudearje wolle, of as wy immen it Frysk oanleare wolle, of as wy it Frysk befoarderje wolle, dan moatte wy witte wat Frysk is. Sûnder dy wittenskiplike ûnderbouwing is elke wittenskiplike bewearing oer it 'Frysk' in slach yn 'e loft."

Trinus Riemersma pleitet derfoar om de grinzen fan wat Frysk 'is' (of: 'heart te wêzen'), skerp(er) oan te jaan. Dat liket my sinfol, mar ik lûk, tinkt my, mei myn pleit foar it troch de polityk fêstlizzen en it brûken fan in goed/better omskreaun Standertfrysk yn it ûnderwiis (learmiddels!), yn it offisjele ferkear (rjochterlike en bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten), yn de skoallen en yn de (subsidiarre) media, in noch dúdliker en skerper grins. Dêr hawwe skoalmasters en learaars (en har learlingen), skriuwers, korrektors, bestjoerders, amtner, juristen en sjoernalisten fierwei it measte oan. Yn sa'n 16 útgongspunten haw ik dêr oant no ta yn in rychje artikels yn *Lyts Frisia* in bydrage oan besocht te leverjen. De Fryske *staverings*regels binne troch de Fryske politisy fêstlein, de taal, it *Standertfrysk*, en de regels foar dat Frysk (noch) net. En dat soe al moatte. Leafst (goed) ûnderboud troch betûfte taalwittenskippers (frisisten).

Sjoch ek: S.T. Hiemstra, 'Frysk en Standertfrysk, ôffreding, op- en útbou (I)'. Yn: *De Pompeblêden*,

en in âldere 'frisiste' as Jetske Bilker gjin hanwetter oan. Binne se slachtoffers fan de 'taal-is-kommunikaasje-ideology', dy't jierrenlang foar master opslein en safolle taalûnheil brocht hat en no lokkich wer wat op syn retoer liket te wêzen, of is it gewoan ûnkunde? Faaks beide. Sokken soene dochs har bêst dwaan (de 'ambysje' hawwe) moatte en wreidzje harren kennis fan *taal* en *teken* mei ynmoed út. Douwe Tamminga (*Op 'e taelhelling*, I en II) is dêr grif in goede learmaster foar. Taalambysjes hearre net beheind te bliuwen ta de Haachske ûnderwiiseask om de kwaliteit fan it brûken fan it Hollânsk te ferheegjen. Us eigen taal is like goed in kostber erfskip en kultuerbesit, dat folle better hoede en noede wurde moat. In goede taalnoarm en taalstandert binne dêr ûnmisber foar.

De Fryske skriuwer en âld-haadredakteur fan de *Ljouwerter Krante* Hylke Speerstra wiist yn *De Moanne* (jrg. 10, nû. 6, july 2011, s. 13) mei rjocht op de ferantwurdlikens fan sjoernalisten en skriuwers as it om har eigen taalfeardigens giet: "As jo goed wêze wolle as skriuwer yn Fryslân, moatte jo yn it foarste plak jo memmetaal better leare. Der is taalluiheid ûnder sjoernalisten en skriuwers. As ik sjoch hoe maklik oft se meigean yn de ferkearde útspraak fan wurden: 'tied' sizze yn stee fan 'tiid'. Hoe't se mei alle moadewurdsjes meisile en mar roppe fan: 'Okee, okee!' Ik wit, it is foar in part âldmannepraat, mar ik bin der ek fan oertsjûge dat ik gelyk ha. It is de gemaksucht fan de Fryske yntelligintsia - as dy noch bestiet, ik hear der teminsten net by - dy't as argumint jout: in taal is yn beweging. Fansels is dat sa, mar ik fyn it wat maklik fan skriuwers en sjoernalisten dy't, wylst se foaroan rinne, sizze: 'ik gean itensieden'. Fout. Ik sil itensiede.

Op de basisskoalle krije de bern al Ingelsk tsjintwurdich en dat is moai, mar it Frysk wurdt fyn drukt. Ik fiel my in lotgenoat fan Durk van der Ploeg, dy't soms wurden brûkt wêrfan't de minsken sizze: 'wat is dit no wer?' Asto skriuwst mei de rykdom dy't de taal hat, dan krijst alle dagen in kear it gefoel: der wurdt my in prachtich stik ark út hannen slein. It weardefolle nimme se my ôf, ik moat bûge foar de banaliteiten dy't my om de earen slingere wurde, de tiidwurden dy't se omdraaie: 'hasto al in *keuze kinne meitsje?*'

Ik haw myn kar makke as it giet om Frysk en Standertfrysk. It is wat begrutlik dat ik de finger lizze moat by safolle seare (taal)plakken. It lyk moat lykwols oantaast wurde. "*It tûch derút!*", soe Douwe Kalma wol roppe. Yn myn foar[r]ich stikje (werom net 'myn foar[r]ige stikje?')²⁸ haw ik dêr wat Joke Corporaal oanbelanget al in begjin mei makke. En dy sil grif net de minste wêze.

nû. 5, 1997, s. 72-75 en: S.T. Hiemstra, 'Frysk en Standertfrysk, ôffreding, op- en útbou (II)'. Yn: *De Pompeblêden*, nû. 1, 1998, s. 5-7. Oan te klikken op: www.ffu-frl.eu/publikaasjes.

²⁸'Stikje' is in it-wurd ('it' stikje) en der stiet in besitlik foarnamwurd ('myn') foar it eigenskipswurd ('foarrich'). Dan stiet ús taalnoarm net ta dat 'foarrich' ferbûgd wurdt ta 'foarrige'.

'Animal cops' (29-10-2010)

1. [...] docht er krekt as lústert er [...] - [] docht er krekt as lústeret [better: harket] er [...] Taljochting: Op skrift heart de foarkar jûn te wurden oan de foarm mei *-e-*; dan komt ek better út dat it om *-je-tiid*wurden giet, dus *einiget*, *bongelet*. Op Afûk-eksamens wurdt in foarm as lústert as flater teld (ferl. ek *Tiidwurden* [2000], s. 19).
2. Welk diel fan 'nee' begrypst net? - *Watfoar/hokfoar/hokker* diel begrypst net? Talj.: Welk is in hollânisme dat yn gjin inkeld taalferlet foarsjocht.
3. [...] stekke der hûnen keurich oer by grien ljocht - [...] stekke de hûnen *kreas* oer [...] Talj.: 'Keurich' is in maklik te skouderjen hollânisme (*Frysk Hân-wurdboek*, 2008): *keurich* (H.).
4. No hat de Grykse plysje wol oare saken oan 'e holle [...]; [...] it Grykse ymmigrantenbelied [...] - [...] de Grykske polysje [...] ; [...] it Grykske ymmigrantebelied [...] Talj.: (a) Grykse [dan ek: *Frise?*] is in staveringsflater: Grykske; (b) ymmigrantenbelied is in staveringsflater; as it Hollânsk *-en-* hat (Holl.: 'immigrantenbeleid'), hat it Frysk op in pear útsûnderings nei altiten *-e-*: *sikehûs*, *boekekast*, ymmigrantebelied. Gjinn tusken-*n* yn it Frysk (!), mei as útsûnderings: *ike(n)beam*, *boeke(n)beam*, *wetenbôle*, *rizenbrij*, *sûpengroattenbrij*.
5. [...] om mei fuort te draven at de plysje komt - [...] *as* de plysje komt [...]; [...] At er ronkjend op myn skoat leit [...] - *As* er ronkjend [...]. De 'goede' foarm 'as' komt by Joke lykwols ek in kear foar: [...] *As* it net de safolste staking is [...] Talj.: *At* is folslein oerstallich en betiizjend, lykas út de trije oanhelle sintsjes ek al wer bliken docht (sj. ek myn taljochting yn *Lyts Frisia*, nû. 2, juny 2011, s. 25). At heart net yn it Standertfrysk.
6. Ik hoopje dat de cops dizze frustrearde plantespuitter mei rêst litte [...] *dy* frustrearre plantespuitter [...] Talj.: Sjoch foar de *dizze/dy*-kwestje hjirboppe by punt 16; 'frustrearde' heart net yn it Standertfrysk; de ynfinityf (nammefoarm) fan it tiidwurd is 'frustrearje', dat ferbûgd wurdt neffens de regels fan it *-je-tiid*wurd: 'frustrearre' dus.
7. [...] Wa wit krijt Grikelân [...] - Wa wit *krijet* Grikelân [...] Talj. *Krijet* is de haadfoarm (= *standertfoarm*; ferl. ek *Tiidwurden*, [2000], s. 48); de njonkenfoarm krijt soe mijd wurde moatte.
8. At er ronkjend op myn skoat leit te droegjen freegje ik besoarge: 'Ach kearel toch, welke smycht hat dij sa wiet makke?' - *As* er ronkjend by my op 'e skoat te droegjen leit, [*skrapke*] freegje ik *ûngerêst*: '*Och keardel dochs, watfoar/hokfoar smycht hat dy sa wiet makke?*'

Talj.: Tsja, wêr moat men begjinne mei jins taljochting? Is de sin noch min-Frysk of is it al gjin-Frysk (sjoch ek noat ²⁷)? Om oer Standertfrysk mar te swijen. Hoe kriget ien it út de pinne! In ûntbrekkend lêsteken, leksikale, syntaktyske en idiomatyske ynterferinsjes (hollânismen). De ein is der fan wei ...

'Biografeleed' (21-01-2011)

De kwaliteit fan it Frysk yn de kollum 'Biografeleed' soe der grif fan opknappe as de skriuwster de *ferplichte* brekking tapast hie yn *broerke* ('bruorke'), *skrikke litte* ferfonge hie troch 'kjel meitsje' en net trijeris it suver ynhâldsleaze Hollânske 'leuk' brûkt hie: *Alder en wizer wurde* (hie 'wurden' net better west?) *is net altyd leuk* (twaris); *It wie net in leuk, mar wol in learsum begjin fan it nije jier*.

Douwe Kalma wist ek noch wol in nustje fan dy Hollânske 'útskroevenheids'-wurden. It Hollânsk tilt derfan op: prachtig, heerlijk, schitterend, uitstekend, verrukkelijk, voortreffelijk.²⁹ It al lang ôfsliten mandewurd 'leuk' past grif yn dat rychje. Yn Kalma syn tiid wiene de dingen, tinkt my, noch net sa 'leuk', earder wol 'moai'. De 'leuk'-goarre is grif letter oanboaze. Om fan de platitude 'hartstikke leuk', dy't party lju yn de mûle bestoarn liket te wêzen, mar te swijen.

Kalma seit der besteklike dingen oer (omstaveren): "Oer it algemien bliuwt it Frysk, lyk as it Ingelsk, leaver wat ûnder de mjitte, wylst Hollânsk en it Dútsk maklik oerdriuwe. In Fries seit: 'It giet my hurdernôch' as in Hollanner ropt: 'Het gaat me veel te hard!' De Fryske wurdearringen fan *moai* b.g. kluwe likernôch op lâns dizze [!] wei: net mâl - wol aardich - aardich - wol moai - moai - wakkere moai - tige moai - sierlike moai - wûndere moai - ivige moai. Foar *tige moai* ek jit: ynmoai. De Fryske wurdearringen binne trochstrings hoedener, en wurde dêrtroch ek minder geierich utere."

Net sa *moai* dus, dat ûn-Fryske en ûnfryske klisjee 'leuk': 'moai' hie moaier-nôch west.

Sytze T. Hiemstra

Wy freegje jimme om jimme lê- of lidmaatskipsjild oer 2011 sa gou mooglik te beteljen, want de takomst fan Lyts Frisia is noch jimmer ûnwis! It lidmaatskipsjild is no € 10 en it lêsjild € 7,50.

Wy kinne fansels ek net trochgean sûnder jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it

mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it desimbernûmer moat dat ynstjoerd wurde foar 1 novimber nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Plantage Doklaan 13 1018 CM Amsterdam, E-meel: abma.g@wanadoo.nl. Foar mear ynformaasje: Jan Jongsma, tel. 0511-463869.

²⁹S.W. Douma, *Frysk Taeleigen-boekje I. It túch derút!* (1946), s. 14.